# PARSEBERJOCHT

09 septimber 2016

# Omrop Fryslân fris fan start yn it nije telefyzjeseizoen

**Nije programma's, fertroude en nije gesichten, in nij dekôr en bekende eleminten: op moandei 12 septimber begjint Omrop Fryslân mei it nije telefyzjeszeizoen. De grutste feroaring yn dy programmearring is it deistich tv-magazine Fryslân Hjoed dat fan 17.00 oere ôf, alle oeren te sjen is.**

"It nije programma Fryslân Hjoed slút oan by de hjoeddeiske tiid, wêryn't it nijs hieltyd sneller by it publyk komt. Wat yn dy snelheid faak ûntbrekt binne saken as eftergrûn, djipgong en tsjutting. Dat is wat wy mei Fryslân Hjoed ta foegje geane foar ús publyk'', sei haadredakteur Klaas Geert Bakker op de presintaasje fan de nije programmearring ôfrûne tongersdei.

Nei Fryslân Hjoed folget alle dagen It Waar, Hea! en it berneprogramma. De oeren dêrnei is der op dat tiidstip, om 18.45 oere, alle dagen in oar programma, as folget:

Moandei: Us dieretún
AquaZoo is it ôfrûne jier flink útwreide mei bisten en it park ûndergie ek fuort in flinke opknapbeurt. Omrop Fryslân folge de fernijingen op 'e foet yn Us dieretún.

Tiisdei: It Polytburo
Yn it nagelnije polityk telefyzjeprogramma It Polytburo fiele presintatoaren Andries Bakker en Eric Ennema alle wiken in (Fryske) politikus oan de tosk oer in aktueel ûnderwerp.

Woansdei: Weromrop.tv
Weromrop.tv: it fideo-argyf fan Omrop Fryslân. Yn it programma binne bylden fan Omrop Fryslân Telefyzje te sjen út it tiidrek 1985-2005. It fideo-argyf is ek 24 oeren deis online te besjen op Weromrop.nl.

Tongersdei: Stille skatten
Presintatrise Miranda Werkman giet foar dit nije programma Stille skatten by Fryske musea del om yn de kelder en op souder te sneupen. Ferstoppe tusken âld papier, stof en oar guod lizze skatten te wachtsjen om ûntdutsen te wurden.

Freed: Fryslân Hjoed sport
De freedsedysje fan Fryslân Hjoed duorret op tsien minuten langer as op oare dagen. Yn dy freedsedysje is der, njonken it lêste nijs, benammen in soad omtinken foar sport.

Mear ynformaasje oer de nije telefyzjeprogrammearring is te finen op: Omropfryslan.nl/nij.

---

**Noat foar de redaksje:**
Foar mear ynformaasje kinne jo kontakt opnimme mei de ôfdieling Marketing & Kommunikaasje fan Omrop Fryslân fia mk@omropfryslan.nl of telefoanysk fia 058 299 7876.

# PERSBERICHT

09 september 2016

## Omrop Fryslân fris van start in het nieuwe televisieseizoen

**Nieuwe programma's, vertrouwde en nieuwe gezichten, een nieuw decor en bekende elementen: op maandag 12 september begint Omrop Fryslân met het nieuwe televisie seizoen. De grootste verandering in deze nieuwe programmering is het dagelijkse tv-magazine Fryslân Hjoed, dat elke doordeweekse dag vanaf 17.00 uur, ieder uur is te zien.**

''Het nieuwe programma Fryslân Hjoed sluit aan bij de huidige tijd, waarin het nieuws steeds sneller bij het publiek aankomt. Wat in die snelheid vaak ontbreekt zijn zaken als achtergrond, diepgang en duiding. Dat is wat we met Fryslân Hjoed toe gaan voegen voor ons publiek'', zei hoofdredacteur Klaas Geert Bakker op de presentatie van de nieuwe programmering afgelopen donderdag.

Na Fryslân Hjoed volgt elke dag It Waar, Hea! en het kinderprogramma. De uren daarna is er op dat tijdstip, om 18.45 uur, elke dag een ander programma, zoals volgt:

Maandag: Us dieretún
AquaZoo is het afgelopen jaar flink uitgebreid en het park onderging ook meteen een stevige opknapbeurt. Omrop Fryslân volgt de vernieuwingen op de voet in Us dieretún.

Dinsdag: It Polytburo
In het nieuwe politieke televisieprogramma It Polytburo voelen presentatoren Andries Bakker en Eric Ennema elke week een (Friese) politicus aan de tand over een actueel onderwerp.

Woensdag: Weromrop.tv
Weromrop.tv: het video-archief van Omrop Fryslân. In het programma zijn beelden van Omrop Fryslân Televisie te zien uit de periode 1985-2005. Het video-archief is ook 24 uren per dag online te bekijken op Weromrop.nl.

Donderdag: Stille skatten
Presentatrice Miranda Werkman gaat voor het nieuwe programma Stille skatten bij Friese musea langs om in de kelder en op zolder rond te snuffelen. Verstopt tussen oud papier, stof en andere spullen liggen schatten te wachten om te worden ontdekt.

Vrijdag: Fryslân Hjoed sport
De vrijdageditie van Fryslân Hjoed duurt tien minuten langer dan op andere dagen. In deze vrijdageditie is er, naast het laatste nieuws, vooral veel aandacht voor sport.

Meer informatie over de nieuwe televisieprogrammering is te vinden op: Omropfryslan.nl/nij.

---

**Noot voor de redactie:**
Voor meer informatie kunt u contact opnemen met de afdeling Marketing & Communicatie van Omrop Fryslân via mk@omropfryslan.nl of telefonisch via 058 299 7876.